

Feriening Frysk Underwiis
p/a Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT Drachten

Ljouwert, 27 maart 2018

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte
✓ Blokhúspanlein 40
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl
✓ www.dingtiid.nl
✓ @dingtiid

Acht bestjoer fan it FFU,

Jo ha op 25 july 2017 in yngeande reaksje stjoerd op ús ûnderwiisadvysrapport "Meartaligens as kwaliteit en doel", dat jannewaris 2017 yn Burgum presintearre is. Tige tank dêrfoar. Jo ha ús fan nuttich komintaar op de haadlinen en de losse advizen yn it rapport foarsjoen, en boppedat biedt jo reaksje in oersjoch fan alles wat der yn de resinte skiednis oant heal july 2017 beskreaun en bewreaun is oangeande it Frysk yn it ûnderwiis, sa't wy dat sels noch net iens hienen. Dat tekenet jo saakkundigens en jo befeleinens foar de kwestje, en dêrfoar ha wy grutte wurdearring.

Ek fan oaren ha wy reaksjes op it rapport ynkrigen, privee of fia de (social) media, en sawol út it fjild wei as fan de provinsjale en ryksoerheid. It tal reaksjes, en it grutte ferskaat dat dêryn te finen is, hat derfoar soarge dat in reaksje fan ús kant frijwat lang op him wachtsje litten hat; op 7 febrewaris ha wy jo dêr al oer ynformearre. Us lette reaksje hinget der ek mei gear dat de provinsje en it Ryk yn de twadde helte fan 2017 úteinset binne mei it trajekt om te kommen ta in nije BFTK, dy't rinne sil fan 2019-2023 en yn 2018 taret en fierhinne yn kalk en semint getten wurdt. En fansels wienen en binne der altiten nije dossiers dy't ús omtinken freegje.

It is lykwols safier dat wy trochsette kinne en wolle mei it ûnderwiisdossier. Ynearsten wie ús doel om mei in mienskiplik antwurd te kommen op wat ús oan reaksjes berikt hat, mar wy fernimme dat dêrfoar it ferskaat oan reaksjes te grut is, en de ûntjouwings inoar noch altiten te fluch en tefolle opfolgje; eltse reaksje is dêrmei hast fuortdaalk al wer efterhelle. En dan ha wy noch net iens de resultaten sjoen fan it Taalplanûndersyk dat de provinsje útset hat om te hifkjen hoe't it op it heden stiet mei de stân fan saken en ambysjes by skoallen oangeande it Frysk ûnderwiis. Dy resultaten wurde pas yn juny ferwachte.

Jo slute jo brief ôf mei de konklúzje dat ús advys noch net folslein is, op guon plakken konkretens mist en dat de rezjy dúdliker belein wurde moatte soe. Wy stimme jo dat allegearre mei, en soenen benammen de konkretens en de rezjy – en in pear oare relevante fragen – dan ek sintraal stelle wolle yn de kommende tiid. Boppedat soenen wy de oankommende resultaten fan Taalplan in sintraal plak yn de diskusje jaan wolle.

Dit allegearre bringt ús derta om in nij DINGpetear oer it ûnderwiis organisearje te wullen. It is goed, ornearje wy, om fan 't jier de partijen út it fjild en de oerheden op in plak byinoar te bringen en inoar te ynformearjen oer ûntjouwings, winsken en mooglikheden. Sa hopet DINGtiid de diskusje oangeande it ûnderwiis te fuorjen, te strukturearjen, fannijs oan te fiterjen en oan te stjoeren op heldere doelen, dy't troch elts ûnderskreaun wurde kinne.

Sa'n DINGpetear wolle wy yn de twadde helte fan septimber organisearje, nei alle gedachten op woansdeitemiddei 19 septimber 2018. It moat ek tsjinje om de provinsje ynput te jaan foar hoe't sy yn de kommende BFTK-perioade, oant en mei 2023, har ambysjes foar it plak fan it Frysk yn it ûnderwiis ta útfier bringe wol. Wy sille de provinsje dan ek belûke yn de opset fan it DINGpetear, sadat se der yn it restant fan it BFTK-ûntwerptrajekt ek al rekken mei hâlde kinne.

Dat DINGpetear riede wy yn de kommende moannen fierder ta. Mar we witte no al dat we dêryn graach in wichtich plak foar de ynput fan it FFU ha wolle soenen. Wy hoopje dat jo dêroan meiwurkje wolle. Hoe't we dy ynput krekt staljaan sille, dêr kinne we it de kommende tiid oer ha.

Graach fernimme wy jo reaksje.

Mei freonlike groetnis, foar DINGtiid,

Freddy Weima (bestjoerslid)
Anne Tjerk Popkema (beliedsadviseur)